

Joeri en de
ferdwûne diamant.

Joeri en de ferdwûne diamant

Pieter Harmsma

Joeri en Menno meitsje in lange reis nei in hiel fier en geheimsinnich
lân.



In bypassende animaasje is te finen op: [Pieter Harmsma-YouTube](#).

Eardere Joeri ferhalen:

Joeri in boskmantsje
Joeri en Menno gean op reis
Joeri en Menno yn it poalgebiet

Mei tank oan myn leave frou Frieda foar it oersetten nei it Frysk.

Skriuwer: Pieter Harmsma
Omslachûntwerp: Pieter Harmsma
Yllustrator: Pieter Harmsma
ISBN: 9789403679655
© Pieter Harmsma 2022

Haadstik 1 It papierke

Op in moaie skimerjûn sieten Joeri en Menno foar harren húske gesellich mei-inoar te praten oer alle moaie dingen dy 't se belibbe hawwe. Der waaide in sêft wyndsje troch de beammen en der sweefde in papierke mei de wyn mei troch de loft. Sêftsjes dwarrelt it papierke nei ûnderen en foel op 'e grûn foar it húske fan Joeri. "Wat is dat no, sa mar in papierke wat út 'e loft fallen komt?" seit Menno tsjin Joeri. "Ik sil it mar opkrije en sjen wat der op stiet." Joeri pakt it papierke op en



besjocht it sekuer oan de foar en efterkant. It papierke wie knûkele en der sieten plakken op, mar der stie ek in tekening op, it is in kaart mei in dyk, heuvels en in rivier. Der stiet in doarpke yn tekene. Dan lêst Joeri de grutte letters HELP, dy 't der op skreaun steane. Oan 'e ûnderkant fan it papierke stiet Diam... , mar dat kin Joeri net fierder lêze. Der is in stikje papier ôfskuord, dwers troch it wurdsje.

“Dat is hiel frjemd, in papierke dat út de loft fallen komt, wêr in tekening fan in lânkaartsje op stiet en grutte letters help. Dat lytse wurdje Diam, dat wit ik net wat dat betsjut.” “Lit my dat papierke ek ris besjen Joeri.” Menno besjocht mei oandacht de tekening dy 't op it papierke stiet. “Wêr komt dat no wei en wat betsjut dat allegearre? It liket wol in hiele lange wei nei in doarpke en de bisten dy 't tekene binne, sille wol in betsjutting hawwe om dêr te kommen. Miskien wize dy ús de wei wol. Dat wurd help betsjut, dat dêr wat net goed is. Witst wat ik tink? ” seit Menno. “Der kin wolris ien help nedich hawwe en dat



op dizze wize freget, troch in briefke te skriuwen. En dat briefke is fansels fuortwaaid. Gelokkich is it briefke hjir nei ûnderen kommen en moatte wy help biede.” “Dat sille wy dwaan Menno, mar earst geane wy der in nachtsje oer sliepen en riede ús ta op in nij aventoer ”, seit Joeri.

Haadstik 2 De reis begjint

De oare moarns sjocht Joeri troch it rúten en sjocht dat it moai waar is. De sinne skynt en der binne gjin wolkjes oan 'e loft. "Wekker wurde Menno, wy sille gau ite, dan geane wy nei bûten en sykje wy de wei nei it doarpke op 'e kaart." Menno wriuwt mei de foarpoatsjes ris oer de eachjes, strykt syn snorhieren rjocht en klaut noch efkes efter de earen. Dan rint er nei de tafel en geane se tegearre te brea-iten. As se lekker iten hawwe, romje se de tafel ôf en meitsje it húske noch efkes skjin. "Kom Menno, no sille wy echt mei ús nije aventoer begjinne." Joeri pakt syn knapsek en stapt ta de doar út en tegearre geane se op reis nei in ûnbekende wrâld. "Joeri, hoe witte wy no hokker rjochting wy



oprinne moatte om nei dat doarpke te gean en hoe fier is it dan?" freget Menno. "Dat wit ik noch net, mar op de tekening stean wol oanwizingen dy 't wy tsjinkomme sille. Der stean ek berchen op tekene en in knyn.

Ik wit wol wêr 't berchen binne en dy kant geane wy mar út, dan komt it wol goed, tink ik." Joeri en Menno rinne oer in soad moaie paadsjes, by streamende rivierkes lâns en troch donkere bosken. Joeri hat in goed gefoel oer de paadsjes dy 't se rinne moatte om by de berchen te kommen en se fine it mei-inoar hiel noflik om op aventoer te gean. Underweis hellet Joeri harren iten út syn toverknapsek en as se toarst hawwe, drinke se lekker helder skjîn wetter út 'e rivierkes. Foardat it tsjuster wurdt, sykje se earne in rêstich en feilich sliepplak. Nei in lange reis komme se op in plak dat wol in bytsje op 'e tekening liket.



Allegear lytse boskjes, lange sprútsjes gers en heuveltsjes. Der springe in tal knyntsjes om. "Sjoch dêr ris Joeri, dêr binne knyntsjes en dy steane ek op de tekening." "Wy sille ris mei in knyntsje prate en freegje wêr 't wy binne", seit Joeri. Der sit in knyntsje op in heuveltsje mei in kninehoale, dêr 't se yn wenje. Joeri en Menno rinne der hinne. "Dei knyntsje, mei ik dy wat freegje?" seit Joeri. It knyntsje spitst syn earkes en sjocht Joeri en Menno oan.